

Psalm 001 Bibellêzer: lokwinske!

[Preek foar Bibelsnein!]

Bruorren en susters, gasten, harkers,

Jonges en fammen, as ik thús nei de tsjerketsjinst oan myn bern freegje wêr't de preek oer gie, dan sizze de jongste bern faak: "Oer de Heare God!" Of: "Oer de Heare Jezus". Dat is in moai antwurd. Sa heart it ommers ek te wêzen?

As ik freegje: "Wat hawwe wy lêzen?", dan sizze ús bern soms: "Ut de Bibel." Ja fansels! Yn 'e tsjerke kin de dûmny der ek wolris in oar boek byhelje, om wat dúdlik te meitsjen, mar yn alle tsjerketsjinsten giet dochs teminsten de Bibel iepen.

Ofrûne freed binne de saneamde tsien-Bibel-dagen úteinset. Hjoed is de saneamde Bibelsnein. Yn in protte tsjerken wurdt hjoed omtinken jûn oan de Bibel. Mar dat is dochs logysk? Dat bart dochs alle sneinen? Jawis. Mar wêrom dan dochs ek in aparte snein mei ekstra omtinken foar de Bibel? Wêr is dat goed foar?

Wist wat, ien dy't betûft is soe dit betinke kinne: Wa organisearret einliks die Bibelsnein? Is dat net it Nederlânsk Bibel Genoatskip? Hja jouwe de Bibel út yn allerhanne soarten en maten. Soenen hja sa'n Bibelsnein opsette, yn de hope om sa mear Bibels te ferkeapjen? Klearebarre winst foar harren!

Tûk, hin?

Mar dochs kloppet it net. Want it Nederlânsk Bibel Genoatskip is gjin organisaasje dy't winst meitsje wol. Se wurket dan ek bynammen mei frijwilligers. Dy krije gjin stoer foar wat se dogge.

Mar wat makket no dat minsken dêr tiid yn stekke dan? En wêrom is der dan sa'n hiele organisaasje om de Bibel oan 'e man of frou te bringen?... No, dat giet net om mear jild te krijen, mar it giet hjirom, dat der mear minsken de Bibel lêze. Dy frijwilligers wurkje net om finansjele winst: *jild*, mar om geastlike winst: *leauwen*.

Dat mear minsken de Bibel lêze?... Ja, lêst do wolris yn de Bibel? By dyn heit en mem thús? En op in stil momint datst dêrfoar útkeazen hast foar dysels?... Of bliuwt de Bibel by jimme thús ticht? Wurdt der by jimme oan tafel noch út lêzen, of ferdwynt dat mear en mear?... As ik sis: "Mei ik dyn Bibel efkes sjen?", hast him dan samar beet, of moatst earst sykje? Of *hast* hielendal gjin Bibel?

Psalm 1 fertelt ús hoe foarnaam Bibellêzen is: "Lokwinske bist, lokkich bist, ast mimerst oer de Bibel!"

Dêr giet de preek oer: BIBELLEZER: LOKWINSKE!

1) Wy begjinne by **de wet fan de Heare**.

Psalm 1 seit: "Gelokkich de man dy't langst hat nei de wet fan de Heare en dêroer mimert." Dy wet fan de Heare wurdt yn it Hebrieusk Tora neamd. Faaks hawwe jo wolris yn Jeruzalem west, by de kleimorre, of hawwe jo dy op 'e tillevyzje sjoen. Dêr rinne faak Joaden mei Tora-rollen. Dat binne boekrollen mei dêryn de Tora, boeken út it âlde testamint.

Letterlik besjoen giet it yn 'e Tora allinnich om de fiif boeken fan Mozes. De Joaden ferdiele it âlde testamint yn trije parten: de boeken fan Mozes, de profeten en de wiisheidsgeskriften. Mar by it wurd Tora yn Psalm 1 meie wy tinke oan it hiele âlde testamint. Doe't Psalm 1 skreaun waard, wie it âlde testamint noch net klear. In protte profeten en wiisheidsgeskriften moasten noch komme. Dy hearre der allegearre by. Jezus grypt letter ek werom op de geskriften fan it hiele âlde testamint.

Der is noch wat dat fan belang is by it wurd Tora. As de Joaden sprutsen oer de Tora fan de Heare, dan tochten se dêrby net allinnich oan foarskriften en geboaden, sa't wy dêr in soad fan fine yn de boeken fan Mozes. De Bibel is net allinnich mar wetboek. Yn de Tora giet it breder sein om Gods libbensûnderwiis. Ek yn de foarskriften yn de boeken fan Mozes giet it dêroer: Wat wy nedich hawwe en fan God krije om gelokkich yn Gods bywêzigens te libjen.

Lokkich de man dy't langst hat nei de wet fan de Heare. Wy hawwe sjoen nei dat wurd 'wet', dêr't yn it Hebrieusk stiet 'Tora'... Psalm 1 sjongt: Gelokkich de man dy't langst hat nei Gods libbensûnderwiis.

Sa't Gods libbensûnderwiis nei ús ta kommen is yn de boeken fan Mozes en de geskriften fan profeten en yn de wiisheidsliteratuer, sa leare wy út de Bibel dat God Him úteinlik útsprutsen hat yn syn Soan. Hy makket wier wat God al yn it âlde testamint sein hat. Yn Him skittert Gods hearlikheid op syn helderst, seit Hebreërs 1. Dêrom tinke wy by dy útdrukking 'Gods libbensûnderwiis' oan **de hiele Bibel**, âlde én nije testamint, as boarne fan freugde en gelok, sa't Psalm 1 dêr oer sprekt.

En dêrom, asto dy bejoust yn de Bibel, dêroer mimerst, dan bisto gelokkich te priizgjen. Dat is de reden dat ik boppe de preek as tema set haw: Bibellêzer: lokwinske!

2) No geane wy nei it lêzen fan de Bibel ta.

Wy kinne Bibellêze op in ferskaat fan wizen.

Heit of mem lêst út de Bibel, dochter A lûkt gekke gesichten nei dochter B, en soan C hellet even in autoke op... Wat hawwe wy ek mar wer lêzen? O ja, eh... Dat ferjitte wy sa gau wer. Of wy hienen de holle der hielendal net by.

Net de holle der by hawwe, dat giet sa maklik, hê? Hawwe jo dat ek wolris? Sels ast foar dysels de Bibel krijst om dy dêryn te ferdjipjen: somtiden sitte der safolle gefoelens yn dyn bûk, of gedachten yn dyn holle, datst der hast gjin plak foar hast. En, wat nuver: ast dan wat oars dwaan silst, dan kinst dy ynienen wol konsintrearje. It liket wol oft de dúvel ús wjerhâldt, kinne wy dan fersuchtsje.

Bibellêzen is yn de Bibel net 'it iene ear yn en fuortendaliks it oare ear wer út'. Sa dat wat wy lêzen hawwe nearne hingjen bliuwt en net trochwurkje kin.

Yn de Bibel is Bibellêzen wier de djipste yngean. Sjoch mar ris hoe moai Psalm 1 skriuwt oer it Bibellêzen. "Gelokkich is wa't **langst hat** nei it libbensûnderwiis fan de Heare, en dêroer **mimert** by nacht en by dei."

It giet yn Psalm 1 oer dat wy wier mei nocht de Bibel krije. Dat wy bliid binne as it wer safier is. Dat wy dan ek wier der foar sitten geane. Dêrfoar wurde ferskillende wurden brûkt: dat wy Gods libbensûnderwiis **oertinke, ús der yn ferdjipje, dêroer mimerje**. Dat lêste seit de Fryske Bibeloersetting: “Gelokkich de man dy’t dêroer *mimert* by nacht en by dei.” Dat leit op it mêd fan ‘dêroer meditearje’. Letterlik stiet yn Psalm 1 datst de wurden fan God sêft foar dy útsprekst.

Mar mimerje en meditearje, wurdt dat net fierstente sweverich? Wurdt Bibellêzen dan net in soarte fan toverspreuken útsprekke? Nee, toverspreuken moastst faak lûdop en krêftich útsprekke. Mar yn Psalm 1 giet it net oer mei twang wat foar inoar krije, mar oer de rêst fan de stilte en fan it yndrinken fan immens wurden... Dat byld fan dy **beam oan it wetter** past dêr krekt moai by: lykas dy beam mei syn woartels it wetter yndrint, sa drinkt de man oer wa’t it hjir giet de wurden fan de Heare yn... Sa’t men rûkt oan in goed glês wyn, en it drinkt en priuwt, en alle swolgen binne in genot.

Faaks binne jo net wend om sa de Bibel te lêzen, mar dat wurd wurdt hjir brûkt: Gods wurd op jin yngean litte, dêroer mimerje...

Hoe is dat mooglik, dat wy sa Bibellêze kinne? No, de Bibel is mear as in boek. Yn de Bibel komt God sels op ús ta. Yn Kristus. De Bibel wurdt dichterlik ek wol neamd ‘it gewaad fan Kristus’... “Strykje dat gewaad”, hearde ik immen ris sizzen. Lit de Bibel kostber foar dy wêze... Ja, it is noch mear: Lit God yn Kristus kostber foar dy wêze. Want yn de Bibel komt God sels nei ús ta. Bibellêze is God en syn Soan moetsje.

3) **Wat ûntdekke wy as wy de Bibel lêze en dêroer mimerje?**

Ja, dan dogge wy wier in ûntdekking. Psalm 1 tekenet in libben sûnder God.

In libben sûnder God yn stappen dy’t hieltyd fierder geane. Earst keurest, dan bliuwst stean, en dan sitst der middenyn.

Sjoch mar: los fan God libje blykt yn it foarste plak yn ‘los fan God *gean*’ of ‘yngean op ‘e rie fan de ferkearden’. It tsjinoerstelde as wat Henoch die: Hy gie mei God... Dan wurdt it ‘*stean bliuwe* op ‘e wei fan ‘e sûnders’: wurdst mei inoar ien yn it yngean tsjin Gods geoaden... En by einbeslút ‘nimst *sit* yn ‘e gearsit fan ‘e spotters’: in moeting fan mei-inoar jimme ôfsette tsjin God. Mei-inoar sterk tsjin Him.

De **ûntdekking** dêrby is: Wat de Psalmdichter hjir beskriuwt, dat giet net yn it foarste plak oer wa wit hokfoar tsjustere plakken of gebeurtenissen yn Dokkum of omkriten dêr’t men better net wêze kin. Mar ast dy wier ferdjippest yn de Bibel, dan ûntdekst dat dit hielendal giet oer dysels! Ek asto ta it leuwen kaam bist, asto earlik lêst, dan werkenst ek spikerhurd dysels.

Wat in hurde spegel is Gods Wurd: Ik bin ferkeard en godleas fan mysels... En tink dan ris oan dy bylden yn Psalm 1: *ik* fertsjinje it om as tsjêf te ferwaaien of om fuortblaasd te wurden op ‘e wyn... *Dat* is Psalm 1!

Mar dan ûntdekst ek dit: Sjoch no, it giet hjir net oer *dy oaren* dy’t min binne en wy dy’t sa goed binne! Lyk oft Psalm 1 in pracht psalm is foar dy minsken dy’tst amper yn ‘e tsjerke

sjochst. Of oer harren dy't wol komme, mar dêr't gjin sprút blidens fan ôfspringt. En soksoarte fan foaroardielen mear.

Mimerje oer Gods libbensûnderwiis en earlik Bibellêze, dat is: foar de spegel stean gean en troch Gods ljocht ûntdekke hoe't it der mei dysels foarstiet!... Ek mei dij en jo!... Lyk as David, de kening-dichter, dy't yn Psalm 139 seit: "Hifkje my, God, en ken myn hert, bedjipje my en ken myn gedachten. Sjoch oft *ik* op in wei-fan-ferdjier bin en bring *my* op de âlde, de ivige wei."

Untdekke hoe't it der mei dysels foarstiet. Dat is gjin ûntdekking as fan dy Fariseeër, dy't tsjin God sei: "Sjoch ris hoe goed ik bin." Dy Fariseeër seach net yn 'e spegel fan Gods Wurd, fan Kristus, mar yn de spegel fan de ear fan minsken... It is wol in ûntdekking as fan dy tolgarder, dy't mei bûgde holle God smeke: "O God, wês my, sûnder, genedich!"

Gods wet en Gods libbensûnderwiis ûntdekke ús oan ús sûnden. Krekt sa seit ek de âlde Heidelberger Kategismus it yn Snein 2. Yn it mimerjen oer Gods Wurd ûntdek ik: Hoe faak libje ik sels net sûnder God?... God freget yn Deuteronomium 6,7 dat wy kuijerje, stean en sitte mei syn Wurd. Dat is: dat wy ús yn ús hiele libben iepen stelle foar de Heare... Mar as wy ûnderweis binne, mei inoar steane te praten, en by inoar oan de tee of oan in skjinnen ien sitte, hoe faak is der by ús dan *krekt net* sichtber dat wy graach dogge wat God seit?

Sa ûntdekke wy ek: Myn libben is leech fan mysels. Ik haw it fertsjinne dat God *my* fuortblaast as tsjêf.

4) Mimerje oer Gods Wurd. Ast dat dochst, dan ûntdekst noch wat. Ek dat is in ûntdekking. **Do ûntdekst Gods leafde foar sûnders!**

Gods minsken wolle hieltyd wer *net* fan God witte. Mar de Heare God siket har hieltiten wer op. Hy makket kear op kear in nij begjin. Hy makket dat der dochs minsken binne dy't *wol* yn Him leauwe, en dy't mei alle fallen en oereingean hieltyd wer fêsthâlde oan syn Wurd. Hoe kin dat? Wy hawwe it fertsjinne om as tsjêf yn de wyn fuortblaasd te wurden. Dochts rikt God ús syn rêdende hân. Hoe kin dat dochts?

Ast dy ferdjippe yn Gods libbensûnderwiis, dan ûntdekst Jezus! Dy rjochtfeardige yn Psalm 1, wist wol, dy man dy't *net* yn syn hâlden en dragen tsjin de Heare yngiet, mar dy mei alle leafde Gods Wurd siket, dêroer mimert, en dy't wier hielendal docht wat God wol, en dy't dat ek noch graach docht: **dy rjochtfeardige**, dat is allinnich Jezus!

Gods Soan, Jezus Kristus. Hy is wier God en wier minske. Hy allinnich docht wat Psalm 1 sjongt! En dêrom: As der rjocht sprutsen wurde moat, fers 5, dan mei Hy bliuwe, mar wy hawwe feroardieling fertsjinne...

Mar sjoch ris, oertink dy Bibel no, en ûntdek: wat bysûnder: Jezus mei bliuwe, wy hawwe feroardieling fertsjinne, mar it bart krekt oarsom: krekt Jezus wurdt feroardiele. God lit Him ûndergean. Krekt *yn* syn hearrigens oan Gods geoaden. Hy harke nei God en die wat God sei, oan't yn de dea oan it krús... Ja, it is noch mear bysûnder, lês troch: Hy stiet op út 'e dea, Hy libbet!, en, moatst ophâlde, net te leauwen: Hy jout syn nije libben ek oan ús!... Is it net om hast gjin lucht krije te kinnen?... Hy jout syn nije libben ek oan ús.

5) Mar no ûntdekke wy ek **wêr't dy frucht fan Psalm 1 weikomt.**

Mimerje oer Gods libbensûnderwiis, en it giet oer God sels, dus graach Him moetsje, en ek graach dwaan wat Hy ús seit: út ússels kinne en wolle wy dat hielendal net. Ek as wy ta it leauwen kaam binne kinne wy dat net. Wy falle noch sa faak werom yn in patroan fan ús losskuorre wolle fan de Heare. Immen *oars* moat ús dy frucht jaan. Net allinnich de frucht fan de beam, mar ek it ferlangst om te drinken, en it drinken sels, en ek it wetter sels.

It plak dêr't de beam stiet is tige foarnaam: de beam stiet oan it wetter dat libben jout!... Dy beam draacht gjin frucht út himsels, mar hy draacht frucht troch it wetter dêr't er oan stiet!

It wetter jout de beam frucht. De Bibel seit ús oan wa't wy by dat wetter tinke moatte: oan **Gods Soan Jezus Kristus**. Witte jo noch: Hy dy't as iennichste fan Himsels dy Rjochtfearde is. Hy is nei dizze ierde kaam. Nei ús, minsken, ta. Hy seit yn *Johannes 7*: "Lit wa't toarst hat by My komme en drinke!"... *Jezus* is de boarne fan libben wetter!... Yn *Iepenbiering 22* sjogge wy dat ek: Ut de troan fan it Laam, de troan fan Jezus, komt in rivier mei libbenswetter. Dy rivier soarget foar groei en bloei fan fruchtbeammen oan wjerskanten fan de rivier. Se drage it hiele jier troch frucht. Dat komt fan dy rivier, lyk as by Psalm 1. Mar dy rivier yn *Iepenbiering 22* hat syn oarsprong yn de troan fan it Laam: Jezus Kristus, dy't krusige is.

De beam *fertsjinnet* gjin frucht, mar *krijt* dy. Yn Kristus wurdt de betsjutting fan dat wetter út Psalm 1 pas wier helder: It wetter makket dat de beam groeit en bloeit en libbet. Kristus jout my frucht... Mar dan is it ek sa: **Net ik jou frucht, mar Kristus draacht frucht en ik bin in frucht fan Him!**

6) Wat in ûntdekkingen dogge wy troch Gods Wurd, de Bibel. Dat libbenswetter as wy dat yndrinke. As wy mimerje oer Gods Wurd. Wy hawwe Gods oardiel fertsjinne, om as tsjêf fuortblaasd te wurden, mar God bringt minsken ta it leauwen en makket harren frucht. Net mear tsjêf dat sûnder frucht is, mar pracht fruchten! Dat is in folsein nije posysje. Mar dan krije wy, dy't ús ússels dat wetter net meie en it smoarch fine, útsjoch!

Wer mei God libje, wer opbloei, wer ta ús bestimming komme lyk as yn it Paradys. Sa lit de Heare ús it wiere lok ûntdekke. Hoe gelokkich bisto. Lokwinske! Asto de Bibel lêst en yndrinkst? Ja, asto yn *Kristus* bist!

Psalm 1 leart ús, lyk as de oare psalmen, dit: Ik fyn myn gelok allinnich yn de Heare. Los fan Him kin ik net oars as spotte mei God en gebod. Dat sprekt fansels. Dat sjochst ek oan it plak dêr't de beam stiet. Dat plak dat sa belangryk is. Stean oan it wetter fan libben dat God jout. Ja, ferbûn wêze oan Kristus, dy't God ús jout. Allinnich as ik yn *Jezus Kristus woartele bin* krij ik libben en frucht.

As wy dan op konkrete punten yn ús libben lak hawwe oan God, it is te sjen oan hoe't wy ús hâlde en drage, lykas Psalm 1 seit, dan binne wy feitlik as in beam dy't syn woartels út it wetter hellet en dêr sûnder wol... Dat kin goed fiele. Teminsten, as wy net fan wetter hâlde.

Fan doopwetter bedoel ik. En as wy net fan Gods Wurd, fan Kristus hâlde. It kin goed fiele, en frij. Mar: sa droegje wy al út.

En dêrom: Harkje nei Gods sterke oprop foar ús yn Psalm 1: Sykje de boarne, Gods Wurd, de Bibel. Sykje Kristus, want Hy komt dêryn heechtspersoanlik nei dy ta. **En drink!** Drink alle dagen op 'e nij.

As soldaten út Nederlân útstjoerd wurde nei in woestyn dan moatte se perfoarst alle dagen in oantal mingels wetter drinke. Dat moat, want allinnich dan kinne se libje. Hoe kin it dan dat wy de Bibel faak mar in hiel lyts bytsje ta ús nimme, of somtiden samar wikenlang ticht litte? En dat bibelstúdzjegroepen faak mar troch in bytsje minsken besocht wurde?

Drink!... Mimerje oer Gods wurden!... Ferdjipje jo yn Kristus en drink Him yn!...

-

Hoe sizze wy it no goed? Drink as dyn libben dy leaf is?...
Jin ferdjipje yn de Bibel is al in saak fan libben of dea.

Of sizze wy it goed as wy sizze: Drink as de Hear dy leaf is?...
It giet yn de Bibel fansels om de Hear, want it is *syn* Wurd.

Mar einliks is it noch djipper. Ik hoopje net dat jo nei dizze preek sizze: “Ja, ik soe wat faker yn de Bibel lêze moatte.” Want dan moatte jo der sels wer sa bot oan lûke. En dat giet soms wol in skoftsje goed, mar it bliedt ek samar wer dea.

Sjoch dêrom djipper. Tink net: “Drink as de Hear dy leaf is.”, mar: “Drink omdat de Hear dij leafhat!”

Drink omdat de Hear dij leafhat!

Sa stiet it ek yn Psalm 1: “De Heare stiet noed foar de wei fan de rjochtfeardigen.” Letterlik stiet der: “De Heare *ken* de wei fan de rjochtfeardigen.” En Hy ropt ek jo en dij en my. Betrou jo dan ta oan Him!

Witte jo noch fan de rjochtfeardige Jezus? Hy wurdt fuortdien as tsjêf. Hy lit Him feroardielje om oan ús libben en frucht te jaan. Mar dan kinst it ek sa sizze: Betrou op Him, dat is: Lit dysels as ûnrjochtfeardige troch Jezus rjochtfeardich meitsje. Datst troch Him wer rjocht foar God stean meist. Lit dysels yn Kristus plantsje en groei yn Him! Hy allinnich kin dat oan dy, oan jo, oan my jaan.

Moat ik faker Bibellêze? Nee, dêr begjint it net. Litte wy each krije foar Gods leafde foar ús yn Jezus. God ken jo wei. Hy wol net dat as de Breugeman Jezus aanst komt foar syn Breid, de tsjerke, dat Hy dan tsjin ús sizze moat: “Ik ken dy net.”

God ken jo wei. Binne jo dêr bliid mei? Dat Hy jo dwaalwegen ken? Dêr't er Kristus' wei oerhinne lizze wol? Wolle jo sa troch God kend wurde? Mei God ek jo leafhawwe?

Sis net: “Ik moat mear Bibellêze.” Mar sjoch Gods leafde. En freegje om syn Geast, dat Hy makket dat ek jo komme en drinke. Fan dy wurden fan God. Net omdat it *moatten* is, mar om Him te *moetsjen*.

Amen

Liturgy:
MOARNS

De preek giet oer it gelok fan de bibellêzer.

Fotum en groet

Sjonge: Wy sjonge oer God dy't Himsels bekend makket yn syn skepping en yn syn Wurd, de Bibel. Ps.19: 1.3

Wet:

Sjonge: Wy meitsje ússels lyts foar de Heare mei Ps.19: 5

Gebed

Sjonge: As ynlieding op it lêzen sjonge wy: Ges.23

Lêze: Psalm 1 Hoe gelokkich is de man dy't mimeret oer jo Wurd.

Lêze: Iepenbiering 22,1-5 Ut de troane fan it Laam komt in rivier mei libbenswetter.

Sjonge: Ps.1: 1.2.3

Tekst: Psalm 1

Preek

Sjonge: Ges.158 (2x)

Tankgebed

Ynsammeljen fan 'e jeften

Sjonge: Troch Kristus bloeie wy. Wy earje God mei wat Hy taseit. Liet 288: 1.7.8

Seine

Liturgy:
MIDDEIS

De preek giet oer it gelok fan de bibellêzer.

Fotum en groet

Sjonge: Wy sjonge oer God dy't Himsels bekend makket yn syn skepping en yn syn Wurd, de Bibel. Ps.19: 1.3

Gebed

Sjonge: As ynlieding op it lêzen sjonge wy: Ges.23

Lêze: Psalm 1 Hoe gelokkich is de man dy't mimeret oer jo Wurd.

Lêze: Iepenbiering 22,1-5 Ut de troane fan it Laam komt in rivier mei libbenswetter.

Sjonge: Ps.1: 1.2.3

Tekst: Psalm 1

Preek

Sjonge: Ps.63: 1.3 In liet fan ferlangst nei God.

Belidenis fan it leauwen en oanslutend sjonge Liet 255: 1

Tankgebed

Ynsammeljen fan 'e jeften

Sjonge: Wy earje God foar de Minskesoan fan wa't de Skriften tille. Liet 476: 4.5

Seine

Gesang 23:

Jo Wurd is in lamp' foar myn foet en in ljocht op myn paad.
 Jo Wurd is in lamp' foar myn foet en in ljocht op myn paad.
 Jo Wurd is in lamp', jo Wurd is in ljocht.
 Jo Wurd is in lamp' foar myn foet en in ljocht op myn paad.

Gesang 158:

Sa't in reehart

- 1 Sa't in reehart nei wetter smachtet, is myn siel fol langst nei Jo.
 Inkeld Jo binn' myn djipst begearen, myn oanbidding is foar Jo.

Refrein:

*Hear, Jo binne myn krêft, myn skyld, oan Jo fertrou ik my ta alhiel.
 Inkeld Jo binn' myn djipst begearen, myn oanbidding is foar Jo.*

- 2 'k Haw Jo leaver as goud en sulver, Jo allinnich sêdzje my.
 Inkeld Jo jouwe wiere freugde; o sa dierber binn' Jo my.
Refrein
- 3 Freon en broer wolle Jo my wêze, mar myn Kening bliuwe Jo.
 Folle mear as fan wa of wat ek hâld ik, leave Hear, fan Jo.
Refrein

© 1984 Maranatha Praise, Inc.

Skriftlêzings:**Psalm 1**

1 Hoe gelokkich is de man
 dy't op 'e rie fan 'e ferkearden net yngiet,
 op 'e wei fan 'e sûnders net stean bliuwt,
 yn 'e gearsit fan 'e spotters gjin sit nimt,
 2 mar langst hat nei de wet fan de Heare
 en dêroer mimert by nacht en by dei.
 3 Hy is as in beam, oan wetterstreamen plante,
 dy't syn frucht jout op 'e tiid,
 dêr't it grien net fan ferwylget.
 Alles wat er docht, bedijt.

4 Sa net de ferkearden, o nee.
 Dy binne as tsjêf dat op 'e wyn ferwaait.
 5 Dêrom kinne de ferkearden it net hâlde foar it rjocht,
 de sûnders net yn 'e rûnte fan 'e rjochtfeardigen.
 6 Want de Here stiet noed foar de wei fan 'e rjochtfeardigen,
 mar de wei fan 'e ferkearden rint dea.

Iepenbiering 22,1-5

1 Doe liet er my in rivier mei libben wetter sjen, sa klear as kristal, dy kaam út 'e troane fan God en fan it Laam.

2 Midden op 'e strjitte en oan wjerskanten fan 'e rivier stienen libbensbeammen dy't tolve kear fruchten drage, ienris yn 'e moanne jouwe se frucht; en de blêden fan dy beammen meitsje de folken better.

3 Der sil gjin ferflokking, hoe dan ek, mear wêze. De troane fan God en fan it Laam sille deryn stean, en syn feinten sille Him tsjinje.

4 Se sille syn antlit sjen en syn namme sil harren op 'e foarholle skreaun stean.

5 Nacht sil it dêr ek net mear wurde, en se sille gjin ferlet mear fan lampeljocht of sinneljocht hawwe, want God de Hear sil harren beskine, en se sille as keningen hearskje yn alle ivichheid.